

SKRIFTLIKE FRAGEN, ex artikel 41 Reglement van Orde

Rjochte oan DS / lid DS	Avine Fokkens
Ynljedende taljochting (fakultatyf)	<p>De FNP en de ChristenUnie hawwe konstearre dat guon Fryske buslinen yn de spits tsjokfol sitte. Fan maaie ôf hawwe ferskillende partijen fragen steld oer skoalbern en studinten yn it iepenbier ferfier en oer de wize wêrtroch troch sprieding it oantal minsken dat tagelyk yn de bus of trein sitte nei ûnder brocht wurde kin.</p> <p>Yn de antwurden hat it Kolleezje oanjûn dat de provinsje as konsesjeferliener tasjocht op in goede en ferantwurde útfiering fan it iepenbier ferfier. Boppedat is de provinsje belutsen by it meitsjen fan neiere ôfspraken mei de skoallen en de ferfierders.</p> <p>Yn de leeftiidsgroep fan skoalbern en studinten rinne de koroanasifers yntusken sterk op en dêrom stelle wy in tal fragen.</p>
Fraach / fragen	<ol style="list-style-type: none"> 1. Wat binne de ôfspraken dy't it kolleezje mei de ferfierder(s) en de skoallen makke hat? Komt dat oer ien mei it nijste <i>Afsprakenkader Veilig openbaar vervoer VO</i>.¹ 2. Hat it kolleezje sicht op de situaasje fan it iepenbier ferfier yn Fryslân en de drokte op de ferskillende lijnen? Is it kolleezje it mei de FNP en de ChristenUnie iens dat tsjokfolle bussen yn in tiid fan oprinnende persintaazje besmettingen ûnder jongerein² safolle as mooglik tsjingien wurde moatte? 3. Yn jo antwurd op fragen fan de kollega's De Vries en Meijerman³ hat it kolleezje earder skreaun dat der, yn gefal fan in lockdown, binnen twa wiken oanpassingen oan de tsjinstregeling trochfierd wurde kinne. Binne der yntusken al oanpassingen dien of is it kolleezje al yn oerlis mei de ferfierders oer oanpassingen? 4. As dat it gefal is, hokker oplossingen sjocht it kolleezje om de drokte en it tal tsjokfolle bussen yn de spits te minderjen? Wurdt it net tiid om yn de spits ekstra bussen yn te setten?
Yntsjinner(s)	<p>(fraksje / namme / hântekening)</p> <p>FNP Wopke Veenstra</p> <p>ChristenUnie Matthijs de Vries</p>

¹ *Afsprakenkader Veilig openbaar vervoer VO*, VO-raad, 14 oktober 2020;

² *R-getal gestegen naar 1, daling aantal COVID-19 meldingen stagneert*, persbericht RIVM, 24 november 2020;

³ *Beantwoording schriftelijke vragen over aanpassen van de dienstregeling openbaar vervoer 2021 als gevolg van de effecten van de corona-crisis*, Kolleezje fan Deputearre Steaten, 27 oktober 2020;

Datum

25 november 2020



25 november 2020, 7:28 oere, Lijn 70: St. Anne-Ljouwert